

Taspraak deputearre Poepjes Gysbert Japicxpriis 2021

Achte oanwêzigen, achte hear Hettinga, bêste Eeltsje,

Goed in moanne lyn, op woansdei 29 septimber om krekt te wêzen, ried ik de meast tapaslke strjitte fan Ljouwert yn foar dat momint: De Gysbert Japicxstrjitte. Mei goed nijs en in flinke bosk blommen belle ik by dy oan. De winner fan de Gysbert Japicxpriis oan de Gysbert Japicxstrjitte yn Ljouwert. Moaier wurdt it dochs net? Do wiest bliid ferrast dat de sjuery dy as winner fan dizze moaie literêre priis keazen hie. It waard in moaie moarn.

Us Fryske taal makket ús provinsje in unyk stikje Nederlân. Gjin oare provinsje hat syn eigen, offisjeel erkende, taal. Dat makket ús bysûnder en dêr meie wy grutsk op wêze. Dat moatte wy koesterje en dêr moatte wy mei elkoar ek sunich op wêze. Want it Frysk hat it net altyd maklik. Yn de ôfrûne jierren hawwe wy as provinsje foar in stevige posysje fan it Frysk striden. Dat dogge wy noch hieltyd en dat sille wy ek dwaan bliuwe.

Benammen ûnder de jongerein is it fan belang it gebrûk fan it Frysk te stimulearjen. Gelokkich sjogge wy dat jongeren wer mear wurdearring foar it Frysk krije. Mei in nije kampanje dy't wy meikoarten begjinne, wolle wy de Fryske jongeren útdage om it Frysk brûken te bliuwen.

Ik kin net genôch beklamje hoe wichtich wy as provinsjaal bestjoer it wurk foar de Fryske taal fine. Dêrom fine wy it bysûnder weardefol dat der noch hieltyd dichters lykas dy, Eeltsje, binne dy't prachtige gedichten yn it Frysk skriuwe. Dêrom fine wy it ek sa moai dat wy bejeftige skriuwers, jong en âld, yn it sintsje sette kinne. It is in enoarme ympuls foar de Fryske literatuer en it Frysk as taal as wy der regelmjittich oandacht foar hawwe.

It útrikken fan de Gysbert Japicxpriis is ûnderwilens in echte Fryske tradysje wurden. Yn 1947 al waard de priis foar it earst takend. In priis foar oarspronklik Frysk literêr wurk. Wy rikke him no om it jier út, ôfwikseljend foar poëzy en proaza. Altyd hjir, yn Boalsert, it berteplak fan de nammejouwer fan de priis, Gysbert Japicx. In moaie tradysje, dy't wy hooplik noch jierrenlang yn eare hâlde kinne.

Bêste Eeltsje. Jannes van der Velde hat dy sakrekt út namme fan de sjuery alle lof en wurdearring jûn foar dyn wurk. Dy beoardieling kin ik allinne mar foar de folle 100% ûnderskriuwe. It is geweldich en ek bysûnder datsto op dyn leeftyd noch hieltyd sa aktyf bist as dichter. Datsto as eardere Dichter fan Fryslân, as alderearste Dichter fan Fryslân, sa'n grut stimpel setten hast op de Fryske poëzy.

Do bist ien kear earder nominearre foar de Gysbert Japicxpriis, yn 2013, foar dyn prachtige dichtbondel *Ikader*. No is hy dan echt foar dy en sil dyn namme aanst op de balken yn it Gysbert Japicxhûs ferivige wurde, by de nammen fan alle oare winners. Fan herte lokwinske!

